

Programma

Doarpsfeesten Easterein 2025



**Tongersdei 26 juny
en**

Freed 27 juny

Snein 29 juny (tintetsjinst)

Tema: muzyk

Foarwurd

Bêste Eastereinders,

Us prachtige doarpsfeest sit der alwer oan te kommen. De tariedingen binne al wiken yn folle gong. We ha wer de nediche fernijingen foar jim yn petto. Mei in farieard programma besykje we alle leden en (âld) yn-wenners fan Easterein wat oan te bieden. It parkearterrein en it lytse sportfjildsje wurdt ein juny it sintrum fan’e buorren. We gean derfoar en ha der ferskriklik sin oan!

Ferline jier foar it earst in nije terreinynrjochting. It foldie eltsenien poerbêst. Foar ús oanlieding om hjirop fierder te gean. Njonken de iterij komt in sithoek mei picknicktafels. Foar de jongste bern pleatse we in lytse tinte, dizze wurdt ynrjochte as berneboartersplak (mei tank oan ‘de Moekes’). Foar de pubers meitsje we in chillhoekje mei noflike banken. Fansels fynt dit plak op it festivalterrein op it sportfjild wêr’t foar elkenien in plakje is!

Ek dit jier wurkje we mei in tema. Nei ‘kamping’, ‘winter’ en ‘lannen’ is it no de beurt oan ‘muzyk’. Troch in kar te meitsjen tusken de buertfersiering en de optocht (net beide) hoopje we de buerten en freonengroepen entûsjast te krijen foar in fantastyske optocht. Wat soe it moai wêze as alle bern ek meidogge. Dit kin selsstannich, mei de buert of mei skoalle (groep).

Fansels mei in protte live muzyk net ûntbrekke by dit tema. We ha behoarlik útpakt mei de line up. Mei bands en artysten as ‘Komen lopen’ (yn it ferline populairste coverband fan Nederlân), ‘De Suskes’ (garânsje foar in gekkeboel), Syb van der Ploeg & Wiebe Kaspers (musikale tûzenpoaten) en ‘Alice Springs’ (pop-rockband op grutte festivals) moat dit hielendal goed komme. Foar de bern ha we it bernematinee mei in kombinaasje fan muzyk en dûns mei meiwurking fan Sander Metz en Tessa van Onna.

Neist de gebrûkljike formats foar it keatsen, klaverjassen, jeu de boules en follybal stelle we dit jier ek in priis beskikber foar de winner fan de bêst ferklaaide persoan as groep mei it matinee. Us fotograaf sil jimme kreaasjes fêstlizze en in undercover sjuery sil it gehiel beoardiele . We binne hiel benijd! Mei it matinee ha we de beskikking oer in nije steantribune (en poadium), dizze is mei mooglik makke troch stipe fan de ûndernimmers út Wommels en Easterein (OVWE), ferskate frijwilligers en it beskikber stellen fan in bouromte troch Dirk-Yde Sjaarda. Hulde!

Wy hoopje op moai waar, lange dagen en fansels op jimme komst. Allegearre prachtige doarpsfeesten ta-winske en oant sjen op it sportfjild!

Út namme fan it bestjoer fan ‘Oranje en Heitelân’

Marco Hoekstra, foarsitter

Algemien

Smoke	It is net tastien om te smoken yn de tinte. Hjir stiet in hege boete op, dizze is foar de smoker! Hâld hjir rekken mei. Der steane bûten amers mei sân neist de yngong fan’e tinte wêr’t jo smoke meie/kinne.
Munten	Noch munten oer fan de lêste kear? Se kinne ek dit jier gewoan wer brûkt wurde. Munten binne oerdei te krijen efter de bar en jûns yn it muntenhoekje. Graach safolle mooglik mei munten betelje, ek oerdei!
Drank	Wy skinke gjin drank oan jeugd ûnder de 18 jier (dus ek gjin alkoholfrij bier lykas Radler 0.0%). Alle jongeren fan 18 oant 25 jier moatte dêrom bandsjes drage. It is foar it barperso-niel dan yn ien eachopslach dúdlik wa wol en wa net alkohol keapje mei. Wurde jongeren ûnder de 18 jier betrape, dan is in mooglike boete foar eigen rekken. Der wurdt sawol yn’e tinte as yn’e kantine gjin sterke drank ferkocht. De bandsjes kinne jimme krije op fertoan fan in jildich identiteitsbewiis yn it muntenhoekje.
Draaimûne	Dizze draait op tongersdei oant de neimiddei en dêrnei wurdt de draaimûne omboud nei de sweef. Op freed is der oan it begjin fan middei in bernesweef.
Tillefoan	Tidens de feestdagen binne wy tillefoansk te berikken: 06-45221590 Marco Hoekstra of 06-22612591 Anneke van Beem.
Flagge Foto’s	Op’e toer en fansels by eltsenien oan’e gevel. Mei de doarpsfeesten makket Oranje en Heitelân foto’s. Dizze kinne brûkt wurde op sosjale media en oare publike kanalen. Wolle jo dit net, lit it ús foarôf witte.
Optocht	Der is dit jier wer in optocht. Route moarns en jûns: Stittenserleane, Sibadawei, Griene Leane, Skoallestrjitte, Andries Joustrastrjitte, Vrijburg, Wynserdyk, Griene Leane, Tsjerkebuorren, Heechhiem, tinte.
Bonnen	De konsumpsjebonnen fan’e bern fan de basisskoalle binne allinnich op tongersdei jildich. Patat ite dogge we meiinoar nei it bernematinee.
Skea	De Oranjeferiening is net oanspraaklik foar skea oan materiële en ynmateriële saken. Meid-waan oan de aktiviteiten is foar eigen risiko. De âlders fan bern bliuwe ferantwurdelik foar harren bern. By min waar besykje we foar ferskate aktiviteiten út te wiken nei de sporthal en/of de Skoal-leseize.
Website	Yn’e oanrin nei it feest is der ynformaasje te finen op ús Facebook side. Foto’s en koarte fer-slagen wurde nei ôfrin fan it feest yn ferskate publikaasjes lykas it doarpskrantsje opnaam.
Frijwilligers	Op sneon moat alles wer opromme wurde. In pear ekstra hannen binne mear as wolkom! We begjinne om 10.00 oere mei in bakje kofje en oranjeboek, dêrnei gean we los. We soargje foar in hapke om 12.00 oere.
Sop Beteljen Yntree	Der is op tongersdei sop te keap foar it goeie doel by de keuken fan de Skoalleseize. Der is in pinautomaat yn’e tinte. Dat is maklik, handich en wol sa feilich. Komen Lopen € 12,50,- Syb van der Ploeg € 7,50,- en Alice Springs € 12,50,- (minskens dy’t yntekene ha op de list binne frijsteld fan yntree)
Fûn guod	Nei de feesten ôf te heljen by Anneke van Beem, Wynserdyk 11

Programma Tongersdei 26 juny

8.30 oere **Optocht**, start op de Stittenserleane



9.30 oere Kofje drinke yn'e tinte

10.00 oere **Keatsen**



10.00 oere **Follybal**

Foar alle bern:

10.00 oere Bernematinee '**De Rids & Sander Show**' yn'e tinte foar peuters en bern fan groep 1, 2, 3 en 4. Mei muzyk fan **Sander Metz**



Sander Metz is in rasechte entertainer. Mei syn gitaar, basgitaar, drums en stim is it altyd en oeral feest! Yn de rin fan'e jierren hat er in grut repertoire opboud. Neist syn optredens is hy dirigint fan inkele bernekoaren en jout hy muzyk-workshops op skoallen'. De Rids & Sander show is in programma mei magy, muzyk en humor.

10.00 oere Bernematinee op it keunstgersfjild foar de bern fan groep 5, 6,7 en 8 mei dûns fan **Tessa van Onna** (sportcentrum Akkermans)

Tessa van Onna is de Latin-dûnser by Sportcentrum Akkermans. As Latin-dûnser luts se mei har dûnspartner jierrenlang troch Europa om wedstriden te dûnsjen. Dûnsje makket elkenien bliid.

10.45 oere Skoft mei limonade

11.00 oere De groepen ruilje fan aktiviteit

11.45 oere Slotoptreden op it grutte poadium yn'e tinte

12.00 oere Mei-inoar patat ite yn'e tinte

Foar de jongste bern is der in **boartershoeke** yn'e lytse tinte en in lyts **springkessen** op it festivalterrein

11.00 oere Klaverjassen yn'e tinte

15.00 oere Noflike neisit mei muzyk fan **DJ Bas**
Priisútrikking keatsen, follybal en klaverjassen



DJ Bas is in bekende dj út de omkriten fan Wommels en Easterein. Hij draait op in protte feesten en partijen en sil foar ús in sfearfolle en noflike neisit fersoarchje

19.00 oere Optocht, start op de Stittenserleane en eindigje op it festivalterrein



20.30 oere **Priisútrikking** optocht + oanslutend **STOELEN DANS** mei Hendrik

22.00 oere Feest yn'e tinte mei muzyk fan'e band **Komen Lopen**



Komen Lopen bestiet út de trije broers Ruud, Wijnand en Maarten en is yn 2011 keazen ta populairste coverband fan Nederlân. Mei allinne 3 stimmen en 3 ynstruminten pakke se elts publyk yn: fan feesttint oant minikonsertseal. Mei in hearlike folle sound dy klinkt as in fiufmans formaasje op ramkoers, witte de trije broers in geweldige en unike sfear te bouwen.

Programma Freed 27 juny

10.00 oere Kofje drinke en oanslutend **MATINEE** mei **de Suskes**
Kom allegearre ferklaaid en gean op 'e foto by ús fotograaf. Foar is fotolist is soarge. Foar de moaiste outfit stelle we in priis beskikber



Mei De Suskes belibje je in ûnferjitlik matinee fol muzikale hichtepunten. Fan pakken-de partyrock tot hoempapa, meisjongers en flauwekul. Dizze dynamiske trijemans-formaasje set mei in muzikale rollercoaster de hiele tinte op syn kop!

14.00 oere **Jeu de boules**

14.00 oere It EK (Eastereinder Kampioenskip) **spikerslaan en horizontaal bierkrat stapelje**



Karaokeshow foar en fan de Eastereinder sangtalinten

20.00 oere Muzykkafé mei **Syb van der Ploeg & Wiebe Kaspers**



Syb en Wiebe nimme ús mei op harren muzikale reis, fertelle ferhalen en spylje fansels út harren repertoire. We sitte meiinoar yn it tintekafé, de muzyk net al te lûd, in hapke en snapke derby en yn 'e pauze is romte om gesellich te praten. De tinte wurdt ôfsluten tidens it optreden, we meitsje it lekker smûk.

Muzikale tûzendpoat Syb van der Ploeg kinne wy fansels fan 'de Kast' (In nije dei) en oare bands. De soundtracks fan 'De hel fan 63' en 'Snuf de hond'. In optreden yn 'de beste zangers van Nederland'. Mar ek fan ferskate optredens yn teater en musicals. En wat te tinken fan syn rol as Jezus yn The Passion. Wiebe Kaspers spile yn Paradiso yn Amsterdam en stiet dizze simmer bygelyks op it Oranjewoud Festival. Syb en Wiebe ha in bysûndere (muzikale) klik, tegearre sille se besykje om jimme yn ferfiering te bringen.



22.30 oere It dak derôf mei muzyk fan 'e pop-rockband **Alice Springs**



Alice Springs is de absolute útsmiter fan it doarps-feest! It is in rauwe pop-rockband wêr de enerzjy fan Amearika, de siel van Ierlân en de passy fan de Balkan byelkoar komme yn in eksplosive liveshow. In werveljende erfaring dy je meisleept fan it begjin oan it ein. Dit feest meist net misse!

Snein 29 juny Tintetsjinst

10.00 oere **Tintetsjinst**, foargonger dominy Riemer Praamsma

Mei meiwurking fan korps Wilhelmina
Nei ôfrin is der kofje mei wat lekkers

Opjaan

Opjaan foar de ûndersteande aktiviteiten kin op:

Sneon 21 juny om 19.30 oere yn 'e kantine of op it terras fan sporthal De Greidhoeke. Njonken it terras wurdt it **midsimmernacht konsert** fan **korps Wilhelmina** opfierd.

Tink om it folgjende:

men moat lid wêze fan de Oranjeferiening betelje by opjefte

- Keatsen** Yndividueel opjaan. Der wurdt keatst yn twa klassen (manlju en froulju), in fêst partoer, trije listen en mei de sêfte bal. Bern dy't no yn groep 8 sitte meie meidwaan. De ynlis is € 4,- p.p.
- Follybal** In ploech bestiet út 4 spilers. Opjaan per ploech. Yndividueel opjaan kin ek, mar meidwaan is dan ôfhinklik fan opjefte. Betink ek efkes in namme foar jimme team. De ynlis is € 4,- p.p.
- Buertfersiering** Dit jier net keppele oan it tema. We sette yn op in fantastyske optocht. Fansels geane wy der wol fanút dat de buerten fersierd wurde en dat elkenien de flagge úthinget.
- Optocht** Dit jier gjin grutte weinen. Mar rinnende as mei in lytse wein (sûnder trekker /net motorisearre). Alle bern binne ek fan herte wolkom om oan 'e optocht mei te dwaan. Dit kin mei de buert mar mei ek yndividueel (wol opjaan foar in nûmer) as mei skoalle (yn groepsferbân).
- Klaverjassen** Yndividueel opjaan. De ynlis is € 4,- p.p.
- Jeu de boules** Foar alle (folwoeksen) leafhawwers.
Opjaan op 21 juny of oars fia de klup. De ynlis is € 4,- p.p.



foto: Willy Sybesma

Oranje en Heitelân: f.l.n.r.:
Marco, Hendrik, Kees, Anneke, Eelco, Siep,
Baukje, Robert en Karin

